

Bêste freondinnen en freonen fan ús Krite,

Okkerdeis lies ik yn in nûmer fan 'De Moanne' in sitaat fan Hylke Speerstra : "Guon meie gerêst fan myn boeken sizze .... ensf ".

Doe tocht ik 'gerêst' is dat wol Frysk ?

Ik pak myn wurdboek en ja hear, dêr stiet : "No is 't sin gerêst".

It komt my sa faak foar by 't lêzen fan Fryske boeken of tiidskriften dat ik tink : "Is dat noch Frysk, is 't net hast oerset Hollânsk ?"

O, wat jou ik my no op behyplik mêd. Bin ik sels sa goed thús yn myn memmetaal dat ik gjin flaters meitsje ?

Hawar, ik wol de kwestje doch ris oan 'e oarder stelle. It binne gauris ek gjin flaters mar it binne 'Hollanisten' dy 't yn ús taal slûpe.

Yn it libben fan in technyske tiid kin min faak in beskate terminology net mear ûntrinne.

Ik lês yn it blêd fan Tresoar 'perioade', 'ús besikers' 'in geskink', 'ús oerheid', 'budzjet ynleverje' en (wat in prachtwurd) 'konservearringsadviseur'.

Ik betwivelje of it oars kin. Ik doar my der net oan te weagjen. Mar moai Frysk is it net. As ik hjoed-de-dei proaza yn it Frysk lês, dan tink ik oan de linige taal fan de bruorren Halbertsma yn har 'Rimen en Teltsjes'. Ik tink ek oan oare skriuwers – brûkten Schurer en Tamminga bygelyks net in Frysker 'idioom'?

Minsken, litte wy der ris oer neitinke. Kin 't noch oars ? Is ús taal eigentlik ta weismiten keard ?

'Ta weismiten keard'. Ken men ús siswizen noch ? Witte jimme wat in 'gevulde koek' is yn it Frysk ? In 'fulde koek'. It klinkt my raar yn de earen.

Mar tiden hawwe tiden. In anekdoate . Mar no giet it oer útspraak.

Douwe Kalma hie in wat deftige Sneonske útspraak fan it Frysk. Yn it simmerkamp, ik tink op Skylge, wie der wend moarns op syn eigen wize te roppen: "Is der noch immen dy't meigiet te swimmen ? " Hy woe ek yn de útspraak it Frysk op in heger plan bringe. Der wie gjin wurd Frânsk by.

Minsken, ik winske jimme allegearre in sierlik kritelibben ta it kommende jier.

Geecke Sybesma, foarsitter

P.S. Ik wol de 'k' yn wurden as 'Frânsk', 'Dútsk', Ingelsk' derút ha. Wa krijt dy klanken noch oer 'e tonge ?

## Nijs fan it Frysk Boun om Utens.

### **Friezen yn 'e Frjemdte.**

Op 30 septimber 2011 freedtemiddei fan 14.30 oant 17.00 oere wurde de earste eksimplaren fan it boek 'Friezen yn 'e Frjemdte' oanbean oan deputearre Jannewietske de Vries en Rients Gratema yn de Gysbert Japicxseal fan Tresoar, Bûterhoeke 1 yn Ljouwert. Dat boek, besoarge troch It Frysk Boun om Utens, wurdt útjûn by útjouwerij 'Elikser' yn Ljouwert.

Yn it programma fierder ûnder oaren: In muzikaal optreden fan Grytsje Kingma en Rob du Jardin en yn gearwurking mei it Frysk Filmargyf de presintaasje fan de DVD mei dêrop filmkes fan in Friezedei yn de tritiger jierren - in fideofilm fan in oare Friezedei en in fideopresintaasje fan foto's, makke by aktiviteiten fan it Boun. Fierder wat lûdmateriaal út de fyftiger jierren.

Dygingen dy't harren al earder ynskreaun hawwe op it boek kinne it dan op fert oan fan "it sertifikaat" meikrije. Yn it oare gefal wurdt it thús besoarge.

### **In gesellich wykein op 'e Folkshegeskoalle Skylgeralân fan freed 14 oktober oant snein 16 oktober 2011.**

#### **Programma:**

**Freed** 15.00 oere mei de boat út Harns, nei it waarm iten is der jûns by it hurdfjoer film of dia's fan it eilân Skylge.

**Sneon:** Nei it moarnsbrochje in kuier oer it eilân en middeis frij foar museumbesyk. Jûns wer by de iepen hurd sang en muzyk by de lûkpûde.

**Snein:** Klaske fertelt ús oer de Folkshegeskoalle doe en no. Nei de middeisbôle binne wy frij en om 17.30 oere geane wy mei de boat werom, ite mei inoar en binne 19.30 oere yn Harns

Foar wa? Foar alle Frysktaligen yn en bûten Fryslân. Kosten € 175,-, excl. de boat. By ien persoanskeamergerûk jildt in taslach fan € 13,-, de nacht. **Der binne noch inkele plakken frij. Foar ynformaasje en reaksje nei Boukje Andringa 030-2203528 of mail**

**[theo.andringa@hetnet.nl](mailto:theo.andringa@hetnet.nl)** Sjoch ek **[www.fryskbutenfryslan.nl](http://www.fryskbutenfryslan.nl)**



- geklommen handmatige kroonverzorging
- geklommen machinale kroonverzorging
- kroonverzorging m.b.v. hoogwerker
- VTA en IBA inspectie
- geklommen afbreken van bomen en gecontroleerd afvangen van top en takken
- afbreken van bomen m.b.v. hoogwerker en gecontroleerd afvangen van top en takken
- standaard en zware velling
- moeilijke velling m.b.v. stuurlijnen en treklijnen
- verkoop duurzaam gedroogd hardhout

als het werk in en rond uw bomen u boven het hoofd groeit.....

foar ynformaasje of in ôfspraak:

C.G. (Kees) van der Velde

Visserstraat 40, 7871PR KLIJNDIJK

0591-513445

[info@fjildwurk.nl](mailto:info@fjildwurk.nl)

[www.fjildwurk.nl](http://www.fjildwurk.nl)

### Kontribúsje 2011 – 2012



Yn dit krantsje fine jo de akseptgirokaart om de kontribúsje oer te meitsjen én it lidmaatskipkaartsje foar it kommende kritejier.

Wy ha heard dat der leden binne dy't de krite wol wat ekstra's jaan wolle.

Dy kinne it bedrach dat op de girokaart stiet dúdlik

trochkrasse en it nije bedrach ynfolle.

De ledefergadering fan 28 april 2011 hat it idee goedkard.

As jo **net** wat ekstra's jaan wolle, dan meitsje jo gewoan de € 10,- foar ien of de € 15,- foar in pear oer.

Tige tank foar jo flotte meiwurking en oant sjen op ús kritejûnen !

De ponghâlder

### Fan in reade bei

Ik skamje mei  
 sei in reade bei  
 ik wurd der  
 read fan om 'e holle  
 as ik sjoch, hoefolle  
 beien samar op  
 ljochtskynde  
 oan elkoar hingje  
 te frijen  
 nee, ik hâld it mei de sinne  
 want wat kin ik oars  
 ik hingje hjir mar allinne.

Sjoukje Biesma-Hof



## Friese-producten.nl

Online Friese kado's

Webwinkel met meer  
dan 500 Friese artikelen.  
Vandaag besteld,  
overmorgen in huis!

Kado's  
Kalenders  
Sleutelhangers  
Wenskaarten  
Shirts  
Vlaggen • Stickers • Agenda's  
Truien • Sokken • Handdoeken  
Sjaals • Mutsen • Glazen  
Mokken • Snoep en ...  
*nog véél meer!*

[www.friese-producten.nl](http://www.friese-producten.nl)

06-53259385

### Friese Producten

Us advertearder 'Friese Producten' ( Dhr. H.J.Bisschop, Ljouwert) hat in nije advertinsje yn ús krantsje. Der binne no mear as 500 Fryske artikels te krijen en te bestellen fia ynternet. Mar jo kinne se ek fan te foaren besjen yn de show-room oan de Wijnhornsterstraat 200 yn Ljouwert .

Us leden kinne koarting krije op de âlvestêden rige fan de 'Dickensville' huskes fan porslein. Sa binne de Wetterpoarte fan Snits, de Oldehove fan Ljouwert mar ek de tsjerke fan Dokkum te keap. En allegearre mei ljochtsjes der yn. Foar koarting moat de koade Kritekoarting op it bestelformulier ynfolle wurde.


Boppedat binnen de ferstjoerskosten boppe in bestelling fan € 50,= freeg.

De ynternetlink nei de Dickensville- alvestêden rige is:

<http://www.friese-producten.nl/dickensville-elfsteden-serie.html>

Tige nijsgjirrich om dit alles in kear te besjen.

## Mar – mearke



It wie op 'n simmerjûn . It sintsje dat stie op 'e grûn wol heal yn 'e dauwe wei krekt as 't yn 't wetter lei.

Klaas en Pieter sieten yn harren boatsje, hja woene nei de Reidpôle om fisk út de netten te heljen.

Do 't se by de netten kamen seagen se wat wûnderbaarliks.

Klaas tocht dat 't 'n grutte fisk wie mei de sturt yn 'e netten fêst.

Pieter rop: "Nee 't is 'n wiif ! ". Hy begûn tsjin har te praten mar se ferstienen elkoar net.

Klaas sei: " 't Is in seemearmin." "Dat kin net " sei Pieter, "Hjir is gjin see ! " "No, dan is 't in marmin !" "Mar hoe komt dy hjir no ? " Pieter sei: "Besykje har los te meitsjen en tûgje har yn 'e boat "

It slagge en de marmin hâlde har rêstich. "Mar wat no", sei Klaas.

Pieter tocht efkes nei en sei do: " Ik wit it. Wy bringe har nei Lenie 't Hart. Dy wit d'r fêst wol rie mei ! " En sa barde it.

As men no mei moai waar, jûns op 'e dyk rint yn Pieterburen kin it wêze dat de marmin der leit neist in seehûn.

Lekker te kletsen.

Yps Boersma

## Befrijing

yn it griene fjild wol ik rêste  
 sliepe mei yn myn geast inkeld  
 rook fan grûn en gers  
 en de dauwe sil my waskje  
 oant de moanne mei sêfte glim  
 de moarntiid wolkom seit  
 dan sil de sinne my droegje  
 yn har waarm-omfetsjende  
 strieling en in blide hope  
 sil de nije dei my jaa.

## Utnoeging foar freedtejûn 14 oktober 2011

It kritebestjoer noeget de leden út foar in toanieljûn. De toanieferiening *'Us Nocht'* út Drachten bestie yn 2009 75 jier en spilet de bettere blijspullen. Foar it skoft spilet *'Us Nocht'* de ienakter

### 'Wachtsje op Elsbeth'

#### Ynhâld fan it stik:

Elsbeth dy 't fyftich wurdt noeget har beide jongere suskes en de manlju út foar in wykeintsje yn in simmerhúske.

Katja, de middelste, seit dat it der útsjocht as yn in omrinwinkel en dat it in 'kloatehúske' is. Renate fynt it hiel gesellich. Dat typearret de beide froulju dalik.

It stiet der min foar mei it houlik fan Katja en Simon. Katja drinkt en seit op synyske toan wat har foar de mûle komt. Simon is dêr al aardich yn behurde.

Renate en Alfons binne de sêfte kant it neist. As Elsbeth einliks komt, binne de yrritaasjes al aardich oprûn en wurdt it in hiele toer om it noch gesellich te meitsjen. Elsbeth is de sneue âldste suster, altyd te let, gjin man, gjin bern, ôfkard foar it ûnderwiis. Thús de âldste, dus de wiiste wêze moatte. Sy hat har hiele libben in geheim meidroegen. Dat se fereale west hat op in man mei in donkere hûdkleur, dat wisten de susters. Se is ek genôch pleage mei 'dy neger'. Yn de flashback sjogge wy de susters yn de fammetiid. Troch it kado, in poppe, komt it geheim fan Elsbeth boppe tafel. De leafde wie destiids ferbean. Elsbeth rekke yn ferwachting. Se is nei Brabân stjoerd en hat der in lyts swart famke krige dat se nea sjoen hat.

Nei it skoft fertelt **Yt Boschma**, tachtich jier, beppe fan Doutzen, 63 jier op allerhande wize oan it toaniel ferbûn (krige yn 2011 de gouden spjelde fan de Stichting Amateurtoaniel Fryslân) tige moaie Fryske ferhalen.

**Plak:** Café –Restaurant Wielens, Dorpsstraat 19, Noord-Sleen  
 telefoan 0591 36 13 18

**Tiid:** 20.00 oere

**Kosten:** € 14,50 (yntree € 10,=, twa kopkes kofje/tee mei in lekker stik oranjekoeke derby € 4,50).  
Net leden betelje € 19,50`

- It duo 'Bêst Genôch' spilet wer foar ús.
- Gastfrou dizze jûn is Janny van der Veen
- Fimke van der Meulen en Greta Lammers soargje foar in ferlotting mei in soad Fryske pryskes

### Hoe kom ik nei dizze kritejûn ?

Foar de measte leden is dat aldergelokst gjin probleem, mar foar guon minsken is it faaks dreech om op in kritejûn te kommen. In pear fan ús leden ha oanbean om minsken mei te nimmen nei Noord-Sleen.

Dat is fan Emmen út:

- Frou A. Wieringa, Arve 23, Emmen, tel. 0591- 620836

En fan Coevorden en neiste omkriten út:

- A.Tuiten,Palmanovastr. 23, Coevorden, tel. 0524 - 513783.

De famylje Hoen, Burgemeester de Kockstraat 57, Oosterhesselen kin ek minsken meinimme nei de kritejûnen.  
Efkes skilje 0524 582243

As der mear leden binne dy't (wolris) minsken meinimme kinne en wolle, nim dan efkes kontakt op mei Anne Tuiten

### Limerick

In moai himmel wyfke út Friens  
Dy wie 't mei har man lang net iens.  
Se sei: ik gean fuort  
Rêd dy mar mei de brot  
Ik sykje wol oanhâld yn Stiens

Durk Wiersma

## In kreatyf pear yn ús krite.



It giet om de hear **Yme Fopma**, berne yn 1934 yn Brantgum (dêr komme mear nijsgjirrige minsken wei!). Hy folge de legere skoalle yn Brantgum en gie nei de middelbere- en de kweekskoalle yn Dokkum.

Hy hat fiif jier ûnderwizer west oan in trijemans-legere skoalle yn Mitselwier.

Dêrnei hat er tolve en in heal jier wurke oan de Heukelom- stichting yn Haren foar blinen en minsken dy't min sjen kinne en dêrby mearfâldich handikapt, sadwaande dat it blyn wêzen net it slimste is.

Undertusken helle hy de MU- akte Frysk en de BU- akte (bûtengewoan ûnderwiis) mei spesjalisaasjes.

Yn 1976 begjint er oan Lyndensteijn yn De Sweach en yn 1997 giet er mei pensjoen. Syn hobby's wiene keatsen, kuorbal en lêze.



En it giet om syn oare helte frou **Dien Fopma-Bouwers**, berne yn 1931 yn Ljouwert. Sy gie yn Grins nei de legere skoalle, it gymnasium en de jûnskweekskoalle.

Op it gymnasium hie sy hiele hege sifers foar wiskunde en soe dêrom wiskunde studearje, mar troch húslike omstannichheden wie it better om in koarte stúdzje te folgjen oan de jûnskweekskoalle yn Grins.

Sy hat njoggen jier yn Peize oan in trijemans- legere skoalle stien en folge doe

de kursus nifeljen. Doe't sy yn Haren wenne hat sy de MU- akte nifelûnderwiis (handenarbeid) helle en koe dan ek lesjaan oan in kweekskoalle.

Dêrnei hat sy ek oan de Heukelom- stichting yn Haren wurke, hoewol net regelmjittich fanwegen it kommen fan de bern.

Har hobby's binne lêze, nifelje, sile en eartiids fakânsjewiken liede.

Yn septimber 1963 begjinne sy tagelyk oan de Heukelom- stichting yn Haren as ûnderwizer en ûnderwizeres en ha elkoar dêr fûn. Sy krije ferkearing en ferlove foarjier 1964 en binne fan plan om oan it ein fan 1964 te trouwen. Mar dat rint oars! Yn de Pinksterfakânsje wurde sy opbelle dat der in hûs foar harren is. Sy binne yn dy tiid fan hûzekerpte tige optein fansels en trouwe dy simmer. It wie dus 'een moetje' sa't Dien seit.

Om't der oan de Heukelom- stichting op in stuit de noadige problemen binne sollisitearret Yme nei Lyndensteijn yn De Sweach. Sy wolle him dêr graach ha, ek al om't er tige Fryksinnich is. iSy binne doe yn 1976 ferhuze nei Drachten. Lyndensteijn is in revalidaasjesintrum en skoalle foar yn- en eksterne, faak mearfâldich, lichaa ml ik handikapte bern.

Yn 1997 giet hy mei pensjoen. Yn 2008 ferhúzje sy nei Emmen en wurde daliks lid fan de krite. At sy der noch mar efkes wenje komt hy raar te fallen op 'e holle en ferstjert yn april 2009.

En no wat oer it **kreative** fan dit pear.

Yme en de frou wienen samplers fan stripferhaaltsjes, meastal Fryske, út de kranten. Dy knipten sy út en makke hy der dan in boekje fan. Sa hat er ferskate stripboekjes makke, sa as de 'Okke'- searje, 'De Skat fan Mata Hari', 'Tûke Teake', 'De Aventoeren fan Hotze Klots', ensfh. Ek hat er in pear Nederlânske stripferhalen oer hear Ollie B Bommel fan Marten Toonder ferfryske foar eigen gebrûk.



Hoe gong dat yn syn wurk?

Hy fergrutte de tekstballonnen (hy neamde dat 'sprekblazen'), plakte dy oer mei wyt papier, sette de tekst oer yn it Frysk, ferlytse se wer en plakte se wer yn. Sa hat er twa stripferhaaltsjes ferfryske: 'De goede Tins' en 'De Wachtlisten', beide fyftjin siden grut.

Foar it ynbinen fan syn stripboekjes hie er it folgjende úttocht:

hy hie twa plankjes, ûngefear fyftich by tsien sintimeter, oerbliuwsel fan harren parketflier. Dêr die er it pakje blêden tusken en liet dy rûm in sintimeter útstekke en mei twa fleugelmoeren draaide hy dat dan tige fêst. Dan seage hy dy sintimeter om de heale sintimeter yn, smarde dat yn mei boekbinerslym en plakte dêr boekbinerslinnen omhinne. En klear wie it boekje.

Boppedat sjocht it der tige kreas út; it liket wol beropswurk!

En wêrom die er dit? Dien: It wie syn hobby.

Wy ha oer frou Fopma al lêze kind dat sy yn Grins de MU-akte nifeljen helle.

Sy hat dy feardichheid brûkt by it lesjaan oan har ferskate groepen fan learlingen. Har wurk is letter, of miskien altyd wol, har hobby west. By har yn hûs binne de resultaten fan dy hobby goed te sjen. Alle soarten en maten fan poppen hat sy.

Ek foar harren dochter, dy't ûnderwizeres is, hat sy poppen makke dy't yn 'e klasse brûkt wurde. En eigen weefwurk hinget by har ek yn 'e hûs.

Foar in skoalle yn Emmen bynt sy tsjintwurdich stikkene boeken op 'e nij yn mei deselde twa plankjes dy't har man ek al brûkte.

Dit is dan in ferhaal oer dizze twa minsken.

AT.

### Earst telle

Lytse Murk komt mei in blau each en stikkene klean thús. Syn mem is liik. "Hast wer oan 't fjochtsjen west? Hoe faak ha ik tsjin dy sein, datst earst oan tsien ta telle moast, earst dy opwynst."

"Mem, dat haw ik dien," ferwart Murk him. "Mar dy oare jonge moast fan syn mem mar oan fiif ta telle."

Johannes Oegema

**"Ik fyn wolris in mantsje"**

Eelke treau it lêste ôffal út 'e tún yn 'e kontener, doe 't er efter him roppen hearde. "Eelke Bosma, leau 'k " .

De frou dy 't rôp, wie wilens fan 'e fyts stapt en kaam mei útstutsen hân op Eelke ta.

Dy fage syn hân ôf oan 'e broek, naam it minske skerp op en sei "Ik ha der wol oan, jo meie my wol efkes helpe."

"Ik bin Gryt Jager. Ik ha mei Gepke op skoalle gongen, sy siet in pear klassen heger as ik. In healjier lyn ha 'k jo noch in kaartsje stjoerd mei Gepke har ferstjerren. Ik hie 't yn 'e krante lêzen. "

"Ja krekt, dat wit ik net mear."

"Jo ha de boel wat opkreaze, 't is netsjes hear. "

"Och ja, jo moatte de hân der wat oan hâlde en no soe 'k yn 'e hûs te teedrinken. Jo ha miskien wol sin oan in bakje ? "

"Dat slaan ik net ôf."

By it earste bakje tee ( "Nee, gjin sûker en gjin koekje, ik bin diabeet.") praten se oer Gepke. Trije jier siik west, soks foel net ta. Gryt wie al seis jier allinnich.

"En dat giet oars bêst, mar de man dy 't myn tún docht, is seis wike nei Amearika en nei it reinen fan de lêste tiid groeit it sa hurd en sels kin 'k eins neat sjoch. Ik ha twa jier lyn in nije heup krige en de oare wol it ek mei witte. Dy moat ek nochris op 'e helling, dat jo begripe...."

"No minske, as it net heger of leger kin, help ik jo wol in kear út 'e brân. Mei myn elektryske haachknipper fei ik it spul der samar ôf en ik ha wol nocht oan túnkjen."

"It is my suver te raar, Eelke."

"Wat soe it, moarn is 't freed. Dan moat it fuort mar wêze, is 't foar de snein wer kreas. Ha jo sels in gersmaschine ? Moai, dan smyt ik de haachknipper yn 'e kofferbak fan de auto en kofjettiid bin 'k der.

Wêrearne wenje jo yn Snits ? " Foar de wissichheid skreau Eelke it adres op 'e râne fan 'e krante.

Gryt gong oerein. "Dan mar oant moarn en tige betanke foar de tee."

Mei it gat wer op 'e fyts sei Gryt yn harsels: "Dat hast moai regele. Hy is in foech healjier allinnich en kin sa stadichoan wol wat oanspraak brûke en ik ha ien foar de kerweikes. Ja, hy is de fûke ynsyld, krekt sa 't ik betocht hie."

Om tsien oere hie Eelke it haachje der al ôf en it ôffal oprêden.

Under de kofje hiene se in protte te bepraten, mar lang die Eelke it him net oan tiid. Gryt hie efter hûs nochal wat romte en dat betsjutte dus nochal wat wurk.

"Ik soe graach helpe wolle, troch de rimmetyk yn myn hannen kin 'k net dwaan. Do bliuwst fansels te iten."

"Ja goed, dan kin 'k in moaie gisel dwaan."

Se wiene it der oer iens, dat tegearre ite folle geselliger wie en earlik sein, Gryt hie flyt op it miel dien.

"Yn gjin tiden sa lekker iten, "prizige Eelke.



Hy kaam dy freed net alhiel klear en ûnthjitte dat er moarntemiddei komme soe foar it lêste. Se noege him foar de hiele dei, mar dat wimpele er ôf. Thús noch drokte en omrin en sa.

Underweis nei hûs fielde Eelke him foldien oer it wurk, Gryt wie aardich en bêst, in himmel frommes, se wenne kreas en dochs..... Der wie wat, dat er eins net

beneame koe.

Thús yn syn eigen húshâldinkje mei de foto fan syn Gep op it dressoir wist er it ynienen. Se hiene it goed hân tegearre, ek tidens har sykte. Gep klage hast noait en se hie faak sein: "Moast net allinnich bliuwe. Wa wit hast noch jierren te gean, dan bist sa iensum."

Fan dizze Gryt wist er de earste middei al, dat se sûkersykte hie en dat it heupwurk rammele. Rimmetyk hie se neamd en wie der ek net wat mei de mage ? Ba, hy koe der min oer dat de lju harren kwalen sa koesteren. En dan ek noch tusken noas en lippen fertelle hoefolle kerweikes der leine te wachtsjen. "Ik fyn wolris in mantsje mei in pear rjochter hannen, " hie se lake.

Sjoch, dat lêste seechje fan har iepene him earst thús de eagen. Se socht immen foar it wurk, foar har putsjes en spegele him foar dat in allinnich steande frou en dan ek noch behept mei alderhande kwalen, it sa dreech hie.

"Ik fyn wolris in mantsje ! "Se moast mar moai fierder sykje, dit mantsje soe moandei it wurk ôfmeitsje. Dat hier er no ienkear tasein. En dan wie it: punt, út ! Hy sei it lûdop en it fielde in bytsje as in befrijing.

**Tsien arguminten foar it learen en praten fan it Frysk  
en foar twatalige opfieding**

1. Dan kin men fansels prate mei Frysktaligen yn harren memmetaal.
2. It Frysk is in estetyske, klankrike en poëtyske taal. Yn tsjinstelling ta it ûnbidige, hoekige en hurde Hollânsk.
3. It is in sosjale en feilige taal. Fan meditaasje techniken is bekend dat klanken ynfloed hawwe op hoe 't minsken harren fiele. De Fryske taalklanken bringe rêst en harmony. It is net foar neat dat de kriminaliteits sifers yn de Frysktalige gemeenten ta de leechsten yn Nederlân hearre.
4. As totaal systeem stiet it Frysk net sa fijannich, oerhearskjend tsjin de natuer oer. Dat is wichtich yn dizze tiid fan miljeuproblemen. De Hollânskprater giet bygelyks 'tegen de wind in', de Fryskprater der yn op.
5. Mei in dynamyske en libbendige Fryske taal en kultuer hat Nederlân in foarbyld yn de wrâld foar de omgong mei in autochtoane minderheidskultuer. Der kinne bygelyks de Sinezen noch wat fan leare wat harren polityk tsjinoer de Oeigoeren en de Tibetanen oanbelanget. Nederlân wurdt sa wer in echt gidslân.
6. Frysk om ferflakking tsjin te gean. It is mei talen krekt as mei de biodiversiteit. Dy lêste moat sa grut mooglik wêze op de wrâld, mar rint tebek. Troch Frysk te praten giet men de ferflakking fan de talen rikdom tsjin. Hoe mear talen op de wrâld hoe kultureel riker de wrâld.
7. Troch Frysk te praten hawwe toeristen út de rêst fan Nederlân it tinken dat sy in bytsje yn it bûtenlân binne. Dat sil grif mear besiker lûke.
8. Twatalige opfieding fergrut de taalgefoelichheid by bern. Dêrtroch leare sy letter makliker nije talen.
9. Twatalichheid is sûner. It stelt bygelyks it krijen fan de sykte fan Alzheimer út.
10. De Fryske taal en kultuer jouwe in hâldfêst, in identiteit yn in ûnwisse en gaoatyske wrâld.

<b>Bryk Frysk</b>	<b>Geef Frysk</b>
althans	teminsten
beskadigje	skansearje
bezig	dwaande
boas	liik( mar wol: in boaze fekke)
buorren	buorlju
dik	grou, tsjok
ferlyfd	fereale
keuze	kar
lytsbern	bernsbern
samen	mei-inoar, tegearre
sommigen	guon
speeksel	flibe
trap	trep
botbreuk	brutsene bonke

### **Greta Lammers yn en oer toaniel krite Assen.**

Sneontejûn 2 april 2011, it is al hast in heal jier ferlyn, hiene wy in kritejûn op ús fêste stee by Wielens yn Noord- Sleen. ‘Us Memmetaal’, de susterkrite út Assen, soe foar ús toanielspylje. En it is perfoarst net de earste kear dat de krite fan Assen dat foar ús docht.

Yn 1992, dus noch foardat de krite Súdeast- Drinte bestiet, organisearren en spilen sy yn gebou 'Ichthus' yn Emmen it stik ‘Trijekaart op’e kofje’.

Yn 1993 kamen sy sels twa kear nei Emmen ta: yn febrewaris mei ‘Tink om ‘e buorlju’ en yn oktober mei ‘Buorkerij op stelten’.

Sy ha wat dat oanbelanget sa it noadige foarwurk dien om hjir yn Súdeast- Drinte in Fryske krite op te rjochtsjen.

Want wat wie nammentlik it gefal? Nei ôfrin fan dit lêste stik freegje de minsken fan Assen wa’t fan de oanwêzigen helpe wol yn Súdeast- Drinte in krite op te rjochtsjen. En dan melde harren de minsken fan it earste oere fan ús krite en ien fan dy minsken is Greta Lammers. Sy hat yn 1994 ús krite dus mei oprjochte, is noch altyd bestjoerslid en

wat tinke jo? Sy spile 2 april II mei yn de toanielploech fan Assen (sy is ek lid fan de krite fan Assen) yn it kluchtige blijspul 'Brike Kueren'. Dêryn spilet sy Teats, ien fan de trije susters op in pleats dêr't noch te âlderwetsk buorke wurdt, sadat it te min jild opsmyt. Om mear te fertsjinjen stelt de boekhâlder út fan de pleats in pensjon te meitsjen, mei alle komyske sitewaasjes dy't dêrtroch ûntstean.



De toanielploech fan de krite fan Assen hat tusken 1994 en no noch in pear kear foar ús spile.

Oer har ûnderfinings mei it spyljen yn de toanielploech fan Assen wol sy hjir graach wat fertelle:

Wy ha in hiel moaie tariedingstiid hân, dat ik woe dat ik hjir jierren earder mei begûn wie. Mar de tiid, de ôfstân (moannen oanien wykliks repetearte yn Assen) en de omstannichheden thús lieten dat net ta.

Ek is it ôfwachtsjen ast wol yn 'e groep past.

Yn de begjinjierren fan ús krite ha ik besocht in eigen toanielploech fan 'e grûn te krijen, mar doe't dat net slagge ha'k wat dit oanbelanget de moedfearren hingje litten.

Mar mei de langstme ea wer ris toaniel te spyljen, ha'k de dryste skuon oanlutsen en my oanmeld by de krite fan Assen. En dêr ha'k oant no ta gjin krom spyt fan en ik hoopje sy ek net!

In aardige groep minsken, dy't allegearre graach toanielspylje meie en faak nêst harren drokke baan noch tiid fine om te rollearen en te repetearjen. Petsje ôf foar dizze minsken! At in stik by de minsken wol of net yn 'e smaak falt docht neat ôf oan de wille dy't wy der fan tefoaren oan belibje. Smaken ferskille ommers. It is fansels altyd moai dat der in protte lake wurdt.

De stikken moatte ek passe by it publyk, mar ek it tal rollen en spilers is fan belang. It moat net te âlderwetsk wêze en net te modern. Fyn sa'n stik mar ris! Ik wyt dat ús regisseuze der alles oan docht om dat foar elkoar te krijen. Ik hoopje dat ik it noch lang dwaan mei, net allinnich foar myn eigen plezier, mar ek om de minsken in gesellige jûn te besoargjen.

En wat it wichtichste is, is dat de spilers goed mei-inoar kinne, want dat bepaalt de sfear.

Wat ik tige goed wyt is dat ik noch in hiele protte leare moat, mar dat doch ik graach.

De ôfrûne winter ha 'k kjeld en glêdens trotsearre om by de repetysjes wêze te kinnen. En dat sil ik kommende winter wis en wrachtich wer dwaan.

Mochten wy wer ris by de krite Súdeast- Drinte komme te spyljen, dan hoopje ik dat de seal dan 'hartstikkene' (Foppe de Haan) grôtfol sitte sil.

Greta Lammers/ Anne Tuiten.

## Frysk mei Hille



Yn elk kritekrantsje besprekt Hille fan de Afûk in Frysk wurd of wurden.

It wurd fan de wike = dreech

Dreech en steech, steech en dreech  
(onverzettelijk en volhardend)

1. Moeilijk
2. Stevig
3. Zwaar te verteren
4. Degelijk

**Siswizen:**

Dreech yn 'e mage lizze - zwaar op de maag liggen, er moeite mee hebben.

Sa kin in drege man (2) it dreech (1) fine om in dreech (4) opstel te skriuwen. As hy dêrnei beannen mei spek yt, sil him dat dreech (3) yn 'e mage lizze.

**De Moanne fan it Fryske Boek 2011**

# MOANNE *fan it* FRYSKE BOEK 2011

Op 16 septimber giet Moanne fan it Fryske Boek fan start. Foar de twadde kear in moanne grôtfol Fryske- literêre aktiviteiten o/m 16 oktober. De Moanne fan it Fryske Boek is in feest, in festival mei as doel minsken

nijsgjirrich te meitsjen nei it Fryske boek en nei de Fryske kultuer.

De moanne begjint mei in spetterend Frysk boekefeest, tuskentiids rydt de literêre trein en as ôfsluting wurdt de Reis-Aksje mei de Fryske ferfiers maatskippijen en tal fan musea en galeryen wer hâlden.

Mei tal fan wedstriden, tochten lêzings, literêre jûnen, middeis fan de Fryske smaak, wurdt dit festival optúgd.

It aksjeboek foar bern '*De bisteboel fan omke Roel*' en it kadoboek fan Hylke Speerstra '*De treastfûgel*' is yn de Moanne fan it Fryske Boek rûm foarriedich. '*De treastfûgel*' fertelt it ferhaal oer it libben fan twa famyljes tusken 1880 en 1945. Wa 't foar € 10,= oan Fryske boeken keapet ûntfangt it kadoboek fan Hylke Speerstra. Dit boek is net los te keap !!

Yn de boekhannels yn Fryslân leit fan heal septimber ôf de *Festivalgids* klear.

Op 16 oktober kin der op fertoan fan it kadoboek fergees reize wurde met streekbus en trein troch Fryslân en yn Grins mei de Arrivatreinen.

Mear ynformaasje oer alle aktiviteiten yn 'Moanne fan it Fryske Boek' stiet op [www.moanefanitfryskeboek.nl](http://www.moanefanitfryskeboek.nl)

## Nije Fryske boeken

### **Bûsboekje 2012**

De redaksje fan it Bûsboekje hat wer wat út 'e wei set; in nij folwaardich bûsboekje alhiel yn 'e Fryske taal; in unyk produkt. It boekje hat diskear in lichter en luchtiger tema 'koekjebakker'. Der steane ynterviews yn mei twa echte bakkers en mei in grut koekjesfabryk. It befettet resepten en alle wiken in bakkerssiswize. Lyts genôch foar yn 'e binnenbûse en grut genôch foar oantekeningen. Alle dagen fan 'e wike oersichtlik yn byld ast boekje iependochst . En dat mar foar 6 euro. In oanrieder !!

Te besetten by ús boekferkeapster Roelie Tuiten

### **De brêgesitter – Meindert Bylsma**

Op de brêge midden yn it doarp sit in man dy't alles waarnimt. Hy sjocht nei de foarbygongers. Hy besiket te tinken sa 't sy tinke. Hy harket nei de fûgels en hellet oantinkens op: oan de oarloch, de Alvestêdetocht, de hillige dy't syn namme oan de tsjerke jûn hat, de frou dy 't yn in sek naaid en yn de feart smiten waard en folle net genôch. Mar slagget it him om syn doarp echt benei te kommen ? Op It âld Hof, even bûten it doarp , wernet in nije ynkommeling: Minne . Hy is de bûtensteander dy 't net akseptearre wurdt. Stadich-oan ûntstiet in byld fan in doarp dat oars is as it him foardocht. Dichter en romanskriuwer Meindert Bylsma hat in unike manier fûn om oer it Fryske doarp te skriuwen sa 'n skynber fanselssprekkend doarp lykas al dy oare plakken yn Fryslân.

Friese Pers Boekerij Ljouwert , 168 siden priis € 17.50

### **De treastfûgel - Hylke Speerstra**

It kadoboek foar 'De Moanne fan it Fryske Boek 2011' is dit jier skreaun troch Hylke Speerstra, de man fan de dikke boeken : De Oerpolder, It Wrede Paradys, De Kâlde Erfenis. De romantyk en it drama fan boeren, emigranten en reedriders.

It moat de oanjager wurde om safolle mooglik oare boeken te ferkeapjen. '*De treastfûgel*' is in betreklik lyts manuskript fan in goede 120 siden.

It giet oer twa arbeidersfamyljes út Hichtum, en spilet fan it begjin fan de 20<sup>e</sup> ieu ôf. Beide leauwe se yn in better libben foar harren bern en

sette ôf. De iene famylje komt yn Amearika telâne, de oare yn Dútslân. der komt in twadde generaasje, en in tredde. Yn de oarloch komme dy ferhalen byinoar. Speerstra : de libbens fan dy famyljes rinne parallel, oan de ein is de sirkel rûn, in moai gegeven. Myn ûndersyk die ik yn Frankfurt oan de Oder, yn Chicago, yn Wisconsin, en yn Fryslân.

Ik bin stipe troch tritich jier deiboeken by de iene famylje en in persoanlike konneksje mei de oare, dy't by myn pake begûn. De histoarje fan dy minsken, it ûnfoarstelbere lijen, dat se meimakke ha, de honger, de krisis, de oarloch.

De titel treastfûgel komt fan in ferhaal fan beide famyljes. In jonkje en in famke rinne troch it lân, it jonkje koe alle fûgels neibauwe en syn bynamme wie 'fûgeltsje'. Se seagen in flecht wylsters mei ien ljip dertusken."Sjoch", sei it famke,"der sit in ferkearde tusken".It jonkje sei:"nee, dat is gjin ferkearde fûgel, dy giet mei op reis nei fiere lannen, Dat is de treastfûgel, want sûnder treast kinst gjin grutte reis meitsje".

Dit boek is fergees by oankeap fan € 10,= oan Fryske boeken

### **De Fryske Spreukekalinder 2012.**

In echte âlderwetske skuorkalinder mei Fryske humor, spreuken, siswizen, gedichten, resepten ensfh. Sammele troch It Gysbert Japicxhûs te Boalsert. Eltse dei ha jo d'r plezier fan !!

Ek wer te besetten by ús boekeferkeapster Roelie Tuiten foar € 12,95

#### **Lêzen is:**

- efkes út de tiid stappe
- jin weromlûke mei in boekje yn in hoekje
- kennis fergearje
- in ynliding ta sliepen
- in fakânsje mei in tas fol boeken
- net in boekwinkel foarby komme kinne sûnder efkes te sneupen
- de drokte efter jo litte en ta rêst komme
- efkes los fan alles wêze

- de taal better kennen leare
- thús in wrâldreis meitsje

Lyske Boersma


## Deinumer fleis út it potsje

Deinumer vleespastei

### Nedich:

- 500 gram mingd gehak
- 250 gram kealfleis yn dobbelstientsjes
- 250 gram bargefleis yn dobbelstientsjes
- glês sherry of droege wyte wyn
- borrelglêske brandewyn
- 2 sipels
- 1 lytse woartel
- 200 gram tin sneed fet spek ( foar it beklaaien)
- piper,time, marjolein,peterseelje, selderijgrien, foelie,laurier, sâlt, knyflok.

### It remeitsjen:



It fleis mei wat sâlt, piper, de fyn snijde sipels, knyflok, de sherry en de brandewyn goed minge.

Nim in fjoerfêste skûtel en meitsje hjiryn in fuorring fan de lapkes farsk fet spek.

Doch it mingde fleis yn de skûtel en druk it goed oan.

Lis hjirop de laurierblêdsjes, de yn plakjes snijde woartel, wat foelie, peterseelje en selderijgrien.

Slút de skûtel goed ôf mei in lid of aluminiumfoelje en set de skûtel 'au bain marie' yn in reedlik hjite ûne.

Lit it fleispotsje yn 1,5 – 2 oeren gear wurde.

It Deinumer fleis wurdt kâld út de pot optsjinne mei stokbrea en slaad.

Lekker ite !

Elisabeth Venema

### Limerick

In keatser, hy kaam út Reahûs,  
 Dy krige in bal op 'e mûs.  
 Hy sei: dit docht sear  
 ik ha it net mear  
 Ik gean as de wjerljocht nei hûs

Durk Wiersma

### In 'metfaller'

Pake hie nei tsjerke west. Fan te foaren hier er al tsjin beppe sein dat er net al te folle fedúsje yn de kwaliteiten fan 'e preek fan de gastpreker hie. "en," frege beppe, "hoe wie 't fan 'e moarn ? " "No, "sei pake, ik mut sêge, het viel me met, dat het me niet teugen viel. "

Ds. Marten L de Boer.

### 'Blommen'

In blomkweker yn Sint Nyk,  
 hie in famke dat woe nea om lyk.  
 Se wie op alle jonges sljocht,  
 Mar omdat soks fan heit net mocht,  
 naaide 't fanke hiel stikem út.  
 En krige Akke dochs har smok en tût.  
 It barde wer ris op in dei,  
 se wie wer fuort, al oeren wei.  
 En heit mar sykje om dy poarre  
 wer wie dy flarde no bedarre ?  
 Hy fûtere: "dat frouljusguod,  
 is fêst wer mei 'n jonge fuort".  
 Altyd dat fanke op 'e strún.  
 Wa wit is 't spul wol yn 'e tún.  
 It is sa'n *krúdsje-rier-my-net*,  
 Mar fan jonges hat 's altyd ferlet.,  
 As se no by 't *tutebeamke* stean,  
 Sille se wol tuteboartsjen gean.

Of is dat *Jofferke* yn 't grien,  
 mei in *Afrikaan* út frijen gien ?  
 Dy kin wol sizze: ferjit – my – net,  
 Mar fan sa'n *Pronker* ha'k gjin ferlet.  
 Wist ik no mar sa om en bij  
 wer dy *Adon-is* mei *Akke- lei*.  
 As 'k fan dy *Ridderspoaren* fûn,  
 Dan soe er krije 't folle pûn.  
 Op 't lêst, hy hie al oeren socht,  
 kaam 't frijend pearke foar it ljocht,  
 en hat er yn 'e skimerjûn  
 Se yn 't *Leave-frouwe-bedstrie* fûn.

Doeke Miedema



Fryslân  
 Frijheid  
 Fiersichten  
 Fariaasje  
 Fjild  
 Ferdivedaasje  
 Fantastysk  
 Fakânsjelân

Lyske Boersma

### Lokkich

Ik wol graach lans stille paden  
 myn libben gean  
 mar yn dat libben bart safolle  
 dat is myn bestean !!

Harmke

**Bestjoer fan de Krite**

<b>foarsitter</b>	Dhr. Drs. G.Sybesma, Kieftenweg 27, 7751 DB Dalen. Tel. 0524 55 27 99
<b>2<sup>e</sup> foarsitter</b>	Mefr. G.Lammers, de Woerd 9, 7824 RA Emmen. Tel. 0591 61 03 72 e-mail: <a href="mailto:gretalammers@hotmail.com">gretalammers@hotmail.com</a>
<b>ponghâlder</b>	Dhr. H.B.Klijnsma, Kerkstraat 6, 7854 PG Aalden. Tel. 0591 62 54 03 e-mail: <a href="mailto:harm@klynsma.nl">harm@klynsma.nl</a>
<b>2<sup>e</sup> ponghâlder</b>	Mefr. F van der Meulen, Burg.Fonteinstraat 39, 7751 CB Dalen. Tel. 0524 55 18 79
<b>skriuwer</b>	dhr. A.Tuiten, Palmanovastraat 23, 7742 CC Coevorden. Tel. 052451 37 83 e-mail: <a href="mailto:aneroelietuiten@planet.nl">aneroelietuiten@planet.nl</a>
<b>2<sup>e</sup> skriuwer</b>	Dhr. A.Biesma, Klepel 332, 7811 KX Emmen. Tel 0591 55 26 28 e-mail: <a href="mailto:biesma.onne@hetnet.nl">biesma.onne@hetnet.nl</a>
<b>Gastfrou</b>	Mefr. J. van der Veen, Holtlaan 85 7824 SC Emmen. Tel 0591 62 43 57
<b>Ledeadministraasje</b>	Dhr. H.Kloosterman, Laan vd Iemenhees 474 7823 JV Emmen. Tel 0591 62 65 92 e-mail: <a href="mailto:kloosterman.h@xs4all.nl">kloosterman.h@xs4all.nl</a>
<b>Boekferkeap:</b>	Mefr. R.Tuiten, Palmanovastraat 23 7742 CC Coevorden

Kosten lidmaatskip: (2010-2011) € 10,= de persoan of € 15,= it pear  
Postbankrekening 2352578 t.n.v Fryske Krite Súdeast Drinte Coevorden

**Redaksje fan it krantsje :**

**korreksjewurk :** Anne Tuiten  
**typewurk en layout:** Henk.Kloosterman.

**Kopij foar it folgjende nûmer graach by de redaksje  
foar 15 novimber 2011**

